Nadat we kennis gemaakt hebben met enkele bewoners van deze gegoede wijk, die ons verzekeren dat het hier helemaal veilig is voor ons, zijn we hier enkele nachten blijven staan. We hebben met riksja's boodschappen gedaan, achter belminuten voor onze Indiase SIM cards aangegaan en natuurlijk aan sight-seeing gedaan.



Deze stad ligt op 900 meter hoogte, waardoor het er niet zo warm is. Want intussen zitten we aardig zuidelijk in India en de hete zon laat zich voelen. Ook hebben we twee maal het bijzondere restaurant MTR bezocht. Het is een belevenis om daar te eten. Er zijn 100 koks werkzaam. Door hen wordt voedsel bereid van zeer goede kwaliteit en heel lekker. Het menu van de dag wordt opgediend door personeel dat voor ieder gerecht, zo'n 15 verschillende, met een metalen emmer met pollepel in tempo langs je bord komt en opschept. Heel bijzonder en slechts € 2,50 pp.

Branding

Intussen hebben we nog steeds contact met onze vrienden Robert en Clary en we maken weer een afspraak om elkaar te ontmoeten in Mamallapuram 50 km ten zuiden van Chennai (Madras) aan de zuidoostkust van India, waar we intussen gearriveerd zijn. Zij blijken een prachtig plekje geregeld te hebben, achter het Vivanta Taj hotel direct aan het strand. (N12 48.015 E80 14.895) We mogen van alle faciliteiten in het hotel gebruik maken, behalve van het zwembad, maar wij heb-

ben de lekkere branding vóór ons waar we iedere dag even induiken, dus wij missen geen zwembad. Het blijkt dat zelfs in dit 5-sterrenhotel gasten verblijven die een camper bijzonder vinden. Er verschijnt een Indiase familie in een golfcar die onze camper van binnen willen zien. Kun je niet weigeren, je maakt wat mee hier.

Shore Tempel

In gezelschap van onze vrienden en geholpen door een aangenaam klimaat rusten we heerlijk uit hier. We bezoeken gevierde de Shore Tempel van deze plaats en praten weer helemaal bij. En we maken de afspraak om elkaar later deze maand weer te ontmoeten in Delhi. Het is het plan om daar onze visa voor de thuisreis te regelen en dan met hen door Pakistan te rijden naar Iran. We denken met 2 equipes veiliger te reizen. Wel maken we de afspraak intussen alle info van de Pakistaanse en Iraanse ambassades bij te houden zodat, als we voor de Pakistaanse grens staan, we beter kunnen beoordelen of de terugreis over land verantwoord is. Na een weekje heerlijk uitrusten roept de verte ons weer en verlaten we deze fijne plek. ■

Beste Baarders,

Graag wil ik iedereen bedanken voor de belangstelling op welke manier dan ook na mijn herseninfarct.

Het heeft mij en mijn 2 meisjes goed gedaan dat iedereen zo met ons heeft meegeleefd.

Het was voor ons een drukke zomer. Iedere dag revalideren, onderzoeken in het ziekenhuis e.d.

Mijn revalidatie is nu afgelopen, ik heb moeten proefrijden bij het CBR en nu komt de volgende stap en dat is weer terug in het arbeidsproces.

Mijn doel is om alles weer net zo te kunnen doen zoals ik dat kon voor 19 juni, dit zal nog wel veel tijd vergen, maar ik heb er vertrouwen in dat dit gaat lukken samen met mijn gezin.

Groeten Jan, Marjan en Rike



**Oók nieuw
in Baard:**

Ik ben Nynke van Gunst en woon sinds 5 mei 2014 op de Binnenbuorren 5 te Baard. Ik kom oorspronkelijk uit Welsrijp. Daar ben ik geboren en getogen. Ben naar Baard te komen wonen voor de rust, vrijheid en een mooie wandelomgeving.



Oprop

Ien fan de moaie dingen fan it wenjen op in doarp is dat jo ticht by de minsken en ticht by de natuer stean. Dat is net allinne by ús sa, oeral wêr 't jo komme op it plattelân ha minsken each foar inoar en stean se noed foar harren omkrite. Dat wie al sa, lang foar dat de oerheid mei syn 'participatiesamenleving' kaam en dat sil grif ek de moade wol oerlibje.

Dit skeat my yn it sin doe 't ik okkerdeis in praatsje makke mei myn âld buorman. Doeke wie no al wer in skoftsje mei pensjoen en it hie der alle skyn fan dat de welverdiende rust oan him net bestege wie. "Hoe is 't no?" frege ik him foarsichtich. "Och, dominy" sei er "ik ha neat mear om hannen, ik ferfeel my eins dea" It wie him oan te sjen ek, hy stie suver wat rûngear. Syn frou hie seïn: "As 't dy ferfeelst, bêst, mar ferfeel my dêr net mei" dat no strûnde er mar wat bûten om. Ik fûn it allegear mar wat begrutlik en pakte der eins de hiele middei mei om. Mar doe 't ik letter even te kuijerjen wie mei it hûntsje doe hie 'k ynienen samar in heldere gedachte.

Al skoften steur ik my bot oan alle ôffal en smoargens dy 't der lâns de kant fan de dyk leit. It makket net út wat kant as jo útrinne, der leit altyd mear as genôch bewiis fan ús wolfeart. Kofjebekers, plestik pûden, fepakkingen fan sjek, sjips en snobbersguod. Wat no as wy Doeke ris freegje soene om dêr wat oan te dwaan? Dan soene we moai twa miggen yn ien flap slaan kinne. Mar dan ek fuort mar goed. De oare deis belle ik mei de gemeente om in prikstôk en sa 'n oranje hesje. No ha boargemaster en wethâlders joed-de-dei wat in beswierlike húshâlding dat it idee dat Doeke fergees oan it wurk soe like mar skoan, ik koe fuortendalik stôk en de nedige ARBO-útrissingen ophelje.

Ik hie fansels better earst even mei Doeke oerlizze kinnen, mar ja, as je ien kear de gang ha.... No, koart en goed, Doeke suchte trije kear djip en sei dat er it yn de goedichheid dan woltris besykje soe. En doe barde der in lyts wûnderke. Noch gjin oardel wike letter wie de hiele krite sa himmel as Yfke en hie Doeke syn fleur werom.

Al mei al hie dit in prachtich moai krystferhaal wurde kinnen wie it net dat der dochs wat komplikaasjes ûntstienen.

Want juster belle Doeke syn frou, se wie eins bot ûngerêst. As hy der op út gie mei syn prikstôk dan wie Doeke yn de regel foar teetiid wol wer thús. Mar no begûn it al tsjuster te wurden en wie der noch altyd gjin taal of teken. Ik fielde my ek wol wat ferantwurdlik fansels dat ik sprong op 'e fyts om him te sykjen. Lang om let fûn ik him, mei syn pripper, justjes foarby Skrins lâns it dykje op nei Hinnaard. "Ja,"sei er klomsk, "ik

moat fergeemje hieltyd fierder fan hûs om noch wat rommel te finen". Ik seach syn mismoedigen werom kommen, en doe begûn it ek noch súntsjes te snijen.

Dêrom no dizze oprop. Bêste, leave minsken, binne jimme ûnderweis mei de fyts of de auto en hawwe jimme eat wat fuort kin? Smyt it asjeblyft yn de berm, en dan it leafst in bytsje yn de buert fan Baard! It liket mar in lyts gebaar mar it kin safolle ferskil meitsje. Tige tank!

Ds. Andries vd. Brink

Nieuws over de nieuw te realiseren klee- & opslagruimte Bouw-vrijwilligers gezocht

De vergunning voor de bouw van de nieuwe klee- en opslagruimte is rond. Het oude hokje is inmiddels gesloopt en er zal nog het nodige (onverwachte) werk verricht moeten worden aan de nutsvoorzieningen. Om de bouw mogelijk te maken en daarmee geld te besparen hebben we de hulp van vrijwilligers nodig. Ondertussen is er bij iedereen een briefje op de deurmat gevallen met de vraag of je wilt helpen bij de bouw van het nieuwe hokje.

We hopen op jullie hulp, met z'n allen kunnen we er een prachtige accommodatie van maken voor het hele dorp waar we weer jaren mee vooruit kunnen. ■



Jubilierende vereniging organiseerde maatbiljarttoernooi

Spannende strijd in it Skipperke

1 november 2014 was een mooie, zonnige dag. Extreem warm voor de tijd van jaar. Maar niet alleen in meteorologisch opzicht werden er op die dag records gebroken... ook op het sportieve vlak werden er grenzen verlegd. Het was namelijk op die dag dat de Baarder biljartvereniging een maatbiljarttoernooi had gepland. Dit toernooi was het eerste van een aantal evenementen en festiviteiten die de vereniging dit seizoen zal organiseren in het kader van haar dertigjarig jubileum.

Enthousiaste supporters

Dat dit niet zo maar een maatbiljartavond zou worden bleek al voor aanvang van de eerste wedstrijd: het publiek was in grote getale afgekomen op wat een spannende strijd zou worden. Toen de spelers de arena betraden waren alle zitplaatsen aan de bar al ingenomen door enthousiaste supporters. Niet verwonderlijk, want de eerste partij van de avond was tussen de teams Jildert/Yne (de vrouw die altijd met een prijs naar huis gaat) en Anita/Wilma (waarvan de geruchten over betrokkenheid bij matchfixing steeds weer de kop opsteken). Het publiek was niet voor niets naar it Skipperke getogen: het werd een zinderende partij die nipt werd gewonnen door de moeder-dochter combinatie. De toon was hiermee gezet: de ene na de andere schitterende biljartwedstrijd werd op het groene laken gelegd. In totaal wer-

den er maar liefst veertien (14!) partijen gespeeld. Een uitputtingsslag. Niet alleen voor de dames en heren biljarters, maar ook voor de fans... zo rond het middernachtelijk uur verslaptte de aandacht van de toeschouwers en een enkeling verliet, terwijl de ballen nog vennijnig tikten, het café om thuis bij te komen van hetgeen hem was voorgeschoteld.

Klokjes

Kortom, het werd een latertje. Het voert te ver om hier alle partijen te bespreken, maar de een was nog hoogstaander dan de ander. Al dit moois leidde er toe dat de voorzitter pas in de kleine uurtjes de prijzen uit kon reiken. En alsof ze het van te voren had geweten: ze had zeer toepasselijk voor alle winnaars een fraai klokje. Jildert en Yne wonnen het bronzen klokje (zie je wel: weer met een prijs naar huis), Ger en Edzer kregen het zilveren klokje en Marijn en Djoey gingen er met het goud vandoor. Van dat laatste team dient nog opgemerkt te worden dat dit voor Djoey zijn debuut was op een maatbiljartavond. En dan meteen met de volle winst naar huis gaan: dat belooft wat voor de toekomst!

O ja, en dan was er nog iets met een bel en een koe. Maar dat is weer een heel ander verhaal. Daarvoor moet u maar eens in it Skipperke bij Jaap langs gaan. Die kan het u haarfijn vertellen. ■



De Verkeerscommissie

Onder grote belangstelling van alle kinderen van 'de Stjelp' is vrijdag 7 november het eerste waarschuwingsbord onthuld. In Baard worden op zeker zeven punten deze kattenborden geplaatst. Doel hiervan is om de kinderen bewuster te maken van verkeersonveilige situaties, waar ze dagelijks mee te maken hebben.

Om de betrokkenheid nog groter te maken zijn deze katten door de kinderen van 'de Stjelp' zelf geschilderd. Dit is met leuke felle kleuren gedaan, waardoor ze goed opvallen. Zodra alle borden geplaatst zijn, is het de bedoeling om met de kinderen een rondje door Baard te maken en hen te wijzen op de onveilige situaties. Hiermee is een begin gemaakt met de uitvoering van het plan van de verkeerscommissie.



Loopclub Baard

Woansdeitejûns fan ôf 19.30 is it skoalplein ferljochte mei lytse piontsjes mei ferljochte bantsjes der om. It warming-up parkoers fan Loopclub Baard. Under lieding fan coach Hiltse Geertsma wurde de spieren fan de dielnimmers losmakke. Rekke, strekke, skodzje, rinne as in Frysk

hynder, rinne as in opstannich Frysk hynder, rinne as in balletdûnser, djip troch de knibbels bûge, mei de heupen draaie as... Dernei ferhúzje we nei it troch strjitlampen ferljochte draaifcircuit, ek wol bekend as Harmen Sytstrawei en de Binnenbuoren, wer't we ús rûntsjes drave. De 'gevor-

Vervolg loopclub

derden' groep hat in wat oar programma as de begjannersgroep, en der is romte foar elkenien om syn/har eigen tempo oan te hâlden.

Hiltsje let op de technyk, draaft mei ús allegearre in eintsje mei en komt mei feedback op maat. Nei ôfrin is der de cooling down yn in kring op de Tongerwei, wêrnei't we wer nei hûs geane.

Sa wurket it sa'n bytsje. En dat wurket goed! It is in stik geselliger om mei in hiele ploech oan de kondysje te wurkjen. De sfear is goed en elkenien kriget de romte en de support fan Hiltsje (en ek fan elkoar) om op it eigen nivo oan technyk en úthâldingsfermogen te wurkjen. En stikem lûkst dy dochs wol wat oan elkoar op. En hoe moai is it dan om te fernim-

men datst dyn grinzen wer in bytsje ferlein hast! Noch twivels oft it wol wat foar dy is? Akselje net langer, kom en doch gewoan in kear mei!

Baard is dus yn de tsjoen fan it draaf-firus. Want wat bart der op sneintemoarn om in oere as njoggen? Dan kriget de Baarder Kat selskip fan in groepke Baarders dy't dan noch in kear in rûntsje drave! De warming up wurdt no even yn de rin wei dien, en dernei draaft elkenien in rûntsje op maat. In pear drave in dûbeld rûntsje, oaren meitsje der in wat grutter rûntsje fan. Nei ôfrin efkes neiprate by de Baarder Kat (as dat bistje ris prate koe) en dan wer nei hûs. Tige sportyf, tige gesellich, tige Baard! ■

Mathilda.

De Baarder Soos

55+ ers: kom nei de Soos

Wat meie de Baarders grutsk wêze op dyjingen, dy't nei't my heucht, yn 2003 betochten dat Baard ferlethie fan in soos. Ynwenners, dy't 55+ wiene, krigen dêrmei de gelegenheid 6 kear yn't winterskoft in middei byinoar te kommen en by in kopke kofje of tee en in noflik praatsje de bân tusken de Baarders te fersterkjen. Want al komme wy net alle dagen byinoar oer de flier, as jo thús komme nei de soos middei, beseffe jo wer, hoe goed it wie om hjirmei útein te setten. No, yn 2014, komme wy noch altyd byinoar yn ús Doarpshûs It Skipperke.

Yn oktober begjinne we wer op de earste tongersdei fanê moanne. It Bestjoer, foarme troch Margot Wieringa en Margje van der Molen hat dan yn grutte linen it program foar de kommende winter al klear.

Wy begjinne middeis om 2 oere mei even byprate, wylst der in bakje skonken wurdt. Dêrnei komt de Bingo opê tafel en wurdt der fol spanning nei útsjoen wa't mei de troch it bestjoer kochte pryskes nei hûs giet. Troch de wurdearre finansjele stipe fan Doarpsbelang kin it bestjoer dit dwaan.

Foardat de Bingo begjint, wurdt der wolris in stikje foarlêzen of hat in lid fanê soos wat aardichs te fertellen en ferline jier die it Bestjoer it foarstel: wa fielt der wat foar om syn of har libbens ferhaal te fertellen. Dat fûnen de leden in goed idee en twa ha oan't no ta ferteld oer wat der yn har libben bart is.

Ek noeget it bestjoer minsken út, dy't oer har wurk fertelle of dúdlik meitsje wat besluten fan't regear besjutte foar de minsken, dy't dêr letter mei te krijen ha.

De middei wurdt besletten mei in potsje sjoelen. Der wurdt foeleinich striden, want de stân wurdt by holden en yn maart, opê lêste middei fanê soos, wurde de prizen útdield oan dyjingen mei it heechste tal punten. Wa't wachtsje moat op syn of har beurt nimt in drankje en sjocht hoe oft de houtsjes by in oer de sjoelbak glide. De earst kommende soos middei is op tongersdei 4 desimber.

De desimber soos is wat spesjaal: dy wurdt besletten mei in kofjetafel. Eltse kear as wy byinoar komme sparje wy € 1.50 en ynê feestlike desimber moanne kinne wy dan mar oanskikke oan in tige goed fersoarge breaftafel dêr't gjin nee te keap is. Op't stuit binne der noch 10 leden, dy't trou de byienkomsten besykje. Troch de jieren hinne binne troch ferhúzjen ensfh, in fiiftal minsken minder by de soos. It soe in griis wêze as de soos ophâlde moast mei har aktiviteiten. Dus 55+ ers fan Baard,

kom yn it winterskoft nei It Skipperke, dêr't opê earste tongersdei fanê moanne wy elkoar treffe en even byprate kinne. ■

*H. Jongsma – de Vries***Leesbevordering**

Graag willen we het lezen op onze school stimuleren door het creëren van een rijke leesomgeving! Een omgeving die uitnodigt tot lezen. Dit is namelijk ontzettend belangrijk voor plezier en zin hebben in lezen.

De leesomgeving is niet alleen maar een plek waar je kunt lezen, maar ook de veel ruimere omgeving waarin tot lezen aangezet kan worden. In zo'n omgeving worden kinderen omringd door boeken; overal komen de kinderen als het ware boeken tegen.

Door het scheppen van een prikkelende leesomgeving worden kinderen bewust en onbewust met boeken en allerlei zaken die met boeken te maken hebben, geconfronteerd. Veel verschillende boeken voor kinderen, de manier en plaats waar deze zijn neergezet en de aanwezigheid van andere zaken die

met boeken te maken hebben, kunnen de leesomgeving prikkelen en inspireren.

Hierbij kunnen we uw hulp goed gebruiken!

We kunnen namelijk de volgende zaken goed gebruiken:

- Jeugdboeken die niet meer gebruikt worden
- Tijdschriften (bv. Voetbal International, Donald Ducks,..)
- Stripboeken (bv. Suske en Wiske, Asterix en Obelix, ..)

Daarnaast zoekt juf Els mensen die het leuk vinden om op donderdagochtend van 8:45-9:15 met kleine groepjes kinderen te lezen.

**Kunt u ons helpen?
Loop maar eens binnen
bij de Stjelp u bent van
harte welkom!**

Team Jenaplanschool de Stjelp

Kerstsymbolen

Waar komen ze vandaan?

**Waar komt de kerstboom vandaan?**

Aan het kerstfeest liggen twee feesten ten grondslag: het Zonnewendefeest en het zgn. Christusfeest, waar de naam Kerstfeest van is afgeleid. Het Germaanse Zonnewendefeest werd midden in de winter gevierd. Na 12 dagen en nachten van feesten bereikte het op 25 december zijn hoogtepunt, omdat dan de zon als het ware weer terugkwam aan de hemel. Vreugdevuren om de duisternis te verdrijven, alles versieren met groenblijvende takken (hoop) en

het gebruik van glimmende ballen om het kwaad "terug te kaatsen" hoorden daarbij.

Christenen vieren met Kerst de geboorte van een Joods kind dat de naam Josjoea kreeg. Aanvankelijk werd deze geboorte niet gevierd. Pas in de 4e eeuw n. Chr. werd daartoe besloten door de keizer te Rome. De keuze om dat op 25 december te doen lag voor de hand. Zo kon handig gebruikt gemaakt worden van de populariteit van het al lang bestaande midwinterfeest.

Dit betekent dat de kerstboom er eerder was dan Jezus (Josjoea). Toen de geboorte van Jezus een officieel feest werd, werden de gebruiken overgenomen. Maar het duurde nog tot de 17e eeuw voordat men de groenblijvende takken/ de zgn. kerstboom in huis zette. Dat was voor het eerst in Duitsland. De kaarsjes in de boom hebben de vreugdevuren vervangen, maar hun taak om de ballen te laten glimmen is er niet minder om geworden.

Waar komt de kerststal vandaan?

Franciscus van Assisi, de Italiaanse jongeman van rijke komaf die ervoor koos om in volstrekte armoede zijn leven te leiden, heeft de eerste kerststal bedacht. Levende

mensen en dieren die het geboorteverhaal van Jezus uitbeelden. Dat was aan het begin van de 13e eeuw. Omdat het een aansprekend verhaal is zoals verteld in de bijbel, wilden mensen het ook in hun eigen huis beleven. Dus begonnen ze beeldjes van klei of hout te maken om thuis neer te zetten rondom een kribbetje (voerbak voor dieren in miniatuur).

Schilders zoals Breughel uit de 16e eeuw maakten kersttaferelen, waarop zoveel te zien was aan schaatsters, spelende kinderen, een smid- en timmermanswerkplaats dat je goed moest zoeken om de stal te ontdekken met Maria en Jozef en het kind Jezus.

De traditie van een stalletje in huis verspreidde zich over de hele wereld en er zijn in Derde Wereldwinkels prachtige exemplaren te zien/te koop van taferelen uit Mexico, Guatemala, Tanzania, Indonesië en soms zelfs uit China.

Waar komen 'de os en de ezel' vandaan?

Ook al ben je niet opgegroeid met het verhaal van de geboorte van Jezus, de meeste mensen zullen de os en de ezel wel noemen als ze de figuren uit de kerststal zou-



den opnoemen. Op schilderijen, kerstkaarten en zelfs op een postzegel komen ze voor, maar in de geboorteverhalen in de bijbel echter helemaal niet! De officiële uitleg is dat ze wel worden genoemd op een andere plek in de bijbel en daar als betrouwbare beesten worden beschreven. Maar een oud volksverhaal is mooier en ook aansprekender voor kinderen:

Alle dieren verschijnen één voor één voor een engel die op zoek is naar iets dat zinvol is voor in de stal bij de pasgeboren baby. Alle dieren zijn echter zeer met zichzelf ingenomen, behalve de os en de ezel, die menen dat ze nergens goed voor zijn, behalve misschien... wat met hun staarten zwaaien om de vliegen weg te houden van het kindje. ■

Joke van der Velden





It bernekoar fan Martijn van Dongen

Hoi allegearre,

Hâldst fan sjongen? Hast altyd al ris meidwaan wollen oan in echte musical en binst tusken 6 en 11 jier âld? Dan is dit dyn kâns!

It kwartettekoar ûnder lieding fan Hindrik van der Meer fiert yn maaie 2015 de musical "Ruth"op. In stik yn it Frysk oer it libben fan Ruth, it ferhaal sa't it yn de bibel stiet. Dat is net allinnich mar in âld ferhaal, it giet ek oer saken dy't no ek foarkomme sa as hunger en minsken dy't ut har lân flechtsje moatte nei in oar lân.

It is in prachtich sjongstik mei solisten, in koar, in orkest, dûnsers en in bernekoar. It stik sil spile wurden yn teater de Lawei

yn Drachten op 16 en 17 maaie 2015. It bernekoar fan Martijn van Dongen út Baard docht mei en siket noch in oantal bern dy't mei har meidwaan wolle oan dit stik. Ast meidwaan wolst oefenst fan jannewaris 2015 ôf mei dit koar yn Baard, in oantal kear mei it kwartettekoar, orkest en solisten yn de tsjerke fan Baaium en in kear yn it teater.

Ast meidwaan wolst kinst dy opjaan bij Martijn van Dongen, telefoon: 0517 341915, e-mail: emartijn@xs4all.nl Jimme binne fan herte wolkom!

Groetnis út namme fan it kwartettekoar, Bernarda Hinrichs

Studie begonnen:

Anouk Tiedema

Hallo allemaal,

Mijn naam is Anouk Tiedema. In mei heb ik mijn MBO-4 diploma behaald op het Friesland College. Ik heb de opleiding Ondernemer Detailhandel gedaan. Zoals de naam al zegt kan ik nu bedrijfsleider worden of zelf een onderneming opstarten. De ene helft van de opleiding bestaat uit praktijk en de andere helft uit theorie. Ik heb veel stage gelopen, hier heb ik onder andere de administratieve handelingen geleerd en heb ik ook leiding mogen geven. In de praktijk leer je snel.

Qua theorie heb ik vakken gehad als bedrijfsadministratie, bedrijfseconomie, commercieel handelen en recht. Als afstudeeropdracht moest ik zelf een ondernemingsplan opstellen. Deze opleiding vond ik erg leuk, en ik wilde graag verder studeren aan het HBO. Een logische vervolgopleiding zou dan Retailmanagement zijn. Alleen had ik tijdens mijn studie ook het vak recht, eigenlijk vond ik dat veel interessanter. Na

een open dag aan de NHL Hogeschool en Stenden was ik eigenlijk gelijk enthousiast over de opleiding HBO-Rechten.

Deze opleiding bestaat nog niet zo lang op HBO-niveau. Het verschil met de universitaire studie is dat op het NHL meer wordt samengewerkt in groepjes voor projecten. Lang hoefde ik niet te twijfelen en ik heb me daarom ingeschreven voor deze opleiding. Nu heb ik alweer mijn eerste tentamenweek gehad en de studie is net zoals ik me had voorgesteld. Elke tien weken behandelen wij een ander soort recht met de bijbehorende vakken. In de eerste tien weken hebben wij een inleiding gehad van alle soorten en deze week zijn we begonnen met strafrecht. Ik vind deze opleiding interessant en ben blij dat ik deze keuze heb gemaakt!

Sinds kort woon ik ook op kamers in Leeuwarden. Samen met nog 4 andere meisjes deel ik een huis. Erg gezellig, maar natuurlijk ben ik ook nog vaak in Baard te vinden! ■

Studie afgerond:

Sietse Jongsma

Sa'n alve jier ferlyn stie der in stikje yn de Baarder Kat wêryn ik fertelde hoe of it my ôf gong mei myn stúdzje Werktuigbouwkunde yn Enschede.

Fiif jier nei dat ik der mei begûn bin, haw ik myn diploma helle. Tsjin it ein fan dy oplieding frege in professor my of ik ek

ynteresse hie yn it útfieren fan in promoasjeundersyk foar in grutte wynturbinefabrikant. De opdracht spruts my wol oan en derneist befoel it libben yn Twente my noch bêst, dus doe haw ik besletten om dy útdaging oan te gean.

De opdracht wie om in metoade te ûnt-



Vervolg
Sietse Jongma

wikkeljen wêrmei de aerodynamische foarm fan wynturbineblêden optimalisearre wurden kin. Dat betsjut dat der mei de kompjûter berekningen útfiert wurde en de útkomst fan dy berekningen fertelt dan hoe de foarm fan it blêd wêze moat om in bettere prestaasje te leverjen. In bettere prestaasje soe bygelyks fertaald wurde kinne yn: mear enerzjy helje út de selde wyn.

Nei it dwaan fan rom fiif en in heal jier ûndersyk hie ik genôch ynformaasje sammele en berekningen útfiert foar it skriuwen fan myn proefskrift, dat de titel: “On a Method for Simulation Based Wind Turbine Blade Design” krigen hat; foar minsken dy’t it proefskrift graach ynsjen wolle en beskikking hawwe oer in internet ferbining, it is te finen ûnder it URL: <http://dx.doi.org/10.3990/1.9789036536981>.

Dit proefskrift haw ik op 11 July yn it iepenbier ferdigene foar in kommisje besteande út acht professoaren wêr fan ien hielendal út Amerika oerflein is.

De ferdigening is goed fer-rûn en nei ôfrin derfan mocht ik myn diploma yn ûntfangst nimme.

Nei rom twa moannen frij te wêzen, bin ik op 1 oktober mei folle plezier begûn mei it dwaan fan in saneamd

post-doctoraal ûndersyk nei de interaksje tusken streaming en in ferfoarbaar objekt yn dy streaming, foar it Maritiem Researsch Instituut Nederland yn Wageningen. ■

Sietse Jongma



Colofon

Editie:

jaargang 16, nummer 4, december 2014 oplage 100 exemplaren.

Kopijadres & secretariaat:

Faldenserwei 21, 8834 XH Baard telefoon: 06-23429485

E-mail: debaarderkat@gmail.com

NL06RABO 0371051525 van de Rabobank Leeuwarden Noord West Friesland.

Redactie:

Anke Roorda, Betty de Jong, Esther de Croon, Gert Zeijlemaker, Truus Huijbregts, Tina Hendriks.

Vormgeving:

Edzer Dillema

Informatie:

De Baarder Kat verschijnt vier maal per jaar (te weten rond 1 maart, 1 juni, 15 september en 1 december) met de agenda, het nieuws en de activiteiten en / of bijeenkomsten van de stichtingen, verenigingen, commissies en clubs van Baard voor de eerstkomende drie maanden, aangevuld met ingezonden stukken, oproepen en redactionele artikelen, verzameld in een onafhankelijke krant. Kopij hiervoor dient het liefst vier weken voor de verschijningsdatum te worden ingeleverd bij voorkeur per e-mail.

De Baarder Kat wordt GRATIS verspreid onder alle inwoners van Baard en bezorgd bij actieve buiten-Baarders. Overige belangstellenden kunnen zich abonneren voor € 6,- per jaar, incl. verzendkosten. De Baarder Kat is ook digitaal te lezen. U gaat daarvoor naar de website: www.baard-frl.nl

De redactie is niet aansprakelijk voor fouten in de tekst of de aangeleverde kopij en zij behoudt zich het recht voor deze te redigeren en zondig in te korten.



Baardata

Do. 04 dec.	Soosmiddag	14.00 uur	Sooscommissie	't Skipperke
Do. 04 dec.	Aankomst Sinterklaas	volgt	I.B.S. de Stjelp	de Stjelp
Vr. 05 dec.	Kompetyseklaverjasse	20.00 uur	Klaverjasklup "Net te Let"	't Skipperke
Za. 13 dec.	Maretak Kerstmark	12.00 -18.00 uur	Kerstmarktcommissie	Baard
Za. 13 dec.	Live muziek Duo Small Change	16.00 uur Kerstmarktcommissie	't Skipperke	
Vr. 19 dec.	Maatklaverjasse	20.00 uur	Klaverjasklup "Net te Let"	't Skipperke
Wo. 24 dec.	Kerstnachtdienst met en door Baarders Kerkenraad v.d. Streekgemeente	22.00 uur	Herv. Kerk Baard	
Vr. 02 jan.	Kompetyseklaverjasse	20.00 uur	Klaverjasklup "Net te Let"	't Skipperke
Zon. 04 jan.	Dienst door ds. Y Slik	09.30 uur	Kerkenraad v.d. Streekgemeente	Herv. Kerk Baard
Do. 08 jan.	Soosmiddag	14.00 uur	Sooscommissie	't Skipperke
Vr. 16 jan.	Kompetyseklaverjasse	20.00 uur	Klaverjasklup "Net te Let"	't Skipperke
Zon. 01 febr.	Dienst door ds. Wiebenga	09.30 uur	Kerkenraad v.d. Streekgemeente	Herv. Kerk Baard
Zon. 01 febr.	Bazaar	15.00-17.00	Meubelstoffeerderij AS	Baerderdijk
Do. 05 febr.	Soosmiddag	14.00 uur	Sooscommissie	't Skipperke
Vr. 06 febr.	Kompetyseklaverjasse	20.00 uur	Klaverjasklup "Net te Let"	't Skipperke
Di. 10 febr.	Inleveren kopij	op tijd	Redaksje de BaarderKat	Kopij bij Anke Roorda of debaarderkat@gmail.com
Zon. 15 febr.	Dienst door ds. Veenboer	09.30 uur	Kerkenraad v.d. Streekgemeente	Herv. Kerk Baard
Vr. 20 febr.	Maatklaverjasse	20.00 uur	Klaverjasklup "Net te Let"	't Skipperke
Do. 05 mrt.	Soosmiddag	14.00 uur	Sooscommissie	't Skipperke